

Markus 2, 1-12

Gemeente fan Jezus ús Hear,

It giet hjoed yn'e preek oer dat iepen dak út Markus 2.

In sike man wurdt troch it dak dellitten. De mannen hienen it dak iepenbrutsen, omdat se net by Jezus komme koenen. En dan litte se de ferlamde man del op syn matras.

It giet hjoed oer dat iepenbrutsen dak, tusken himel en ierde. Dat iepenbrutsen dak wer't de ferlamde man trochhinne giet.

De siken witte Jezus wol te finen.
It wie gau bekind dat Jezus sike minsken genêze koe.
En ek hjoed komme de siken by Jezus yn gebed.

Mar fanewike haw ik leart, dat wy hjir te krijen hawwe mei in wiere revolusje!
By in lêzingh op myn wurk yn Dokkum fertelde prof. Post, dat oan't de dagen fan Jezus de sike minsken net fersoarge waarden, mar foar Kristus waarden de siken út 'e maatskippij stjitten.

Sike minsken waarden bygelyks fané stedsmuorre smiten, út angst dat men ek siik wurde soe. Sike minsken wiene outcast.

En Jezus is ien fan de earsten dy't hjir tsjin-yn giet en dy't Him ûntfermet oer de sike minsken. Dat moat in revolusje west wêze.

Yn dy tiid, waarden nei de siken net omsjoen.
Tink dy marris yn. As wy hjir op in kloft steane en der komme fjouwer man oan my in sike man op in brancar, dan meitsje wy út gewoante romte.

Mar as de fjouwer man my de ferlamde it hûs fan Jezus yn wolle, giet net in minsk oané kant. En dan beslúte se mar troch it dak te gean.

Fan Kristus leare wy dat wy soargje foar de siken.

Yn it ferpleeghûs der 't ik wurkje krij ik nochalris de fraach werom oft Jezus inkelde minsken better makket mar oaren net?
Ik haw der mar ien antwurd op: Jezus makket minsken bette rek as foarbyld foar hoe't wy libje kinne.

De ferlamde man wurdt op'e been holpen, sadat hy it goede paad gean kin. Sa wol God it minskdom op'e been helpe, sadat wy allegear it goede paad, it paad fan it Kekninkryk geane.

En wUnderlik bliuwt it wat Jezus seit tsjin de tollenaar: Rin mar mei my mei. En tsjin de lamme man seit Er: Dyn sûnden binne ferjûn. Wy soenen sizze: dêr hat dy man net folle oan.

Mar it komt in pear kear werom yn Markus 2, dat tema: Sûnden ferjaan.

Blykber hat dat iepen dak te krijen mei sûnde ferjaan.

En dan begryp ik it: Dat iepen dak, dat is itselde as dat Krystferske: Hij komt van also hoge.

Dat iepen dak dat stiet ek foar God dy't mei syn leafde in trochbraak makke hat nei ús minsken ta.

God hat as it ware it dak tusken himel en ierde iepenbrutsen, om't Hy by ús wenje woe.

En troch dat dak stjoerd Hy syn Soan, om de wrâld op it goede spoar te bringen.

En Hy stjoerd de Kristus om ferjowing te bringen yn in wrâld fan skuld en angst.

Dat iepen dak docht my tinken oan de grutte trochbraak fan Gods leafde yn dizze wrâld.

Der giet it om hjoed.

En dan soe ik AMEN sizze kinnen mar dat doch ik net.

Want der binne noch twa saken dy't fan belang binne.

It earste is dit: It is dus in wiere revolusje dat Jezus Him untfermet oer de siike minsken. De soarch foar de siken is ien fan de sawn wurken fan Barmhertigens.

Mar hoe is it dan toch mooglik dat hast tweintich ieuwen lang de kristlike dogmatyk roppen hat, dat sunde de oarsaak is fan siikte?

Want sa is it. De tsjerke hat ieuwenlang roppen dat wa't siik wurd dat oan himsels te tankjen hat. Dat sikkte de straf op de sûnde is.

Hoe is it toch mooglik, tink ik dan, dat it kristendom dy revolusje fan Jezus negeert hat?

Ik moat dan sels ek tinke oan in Islamytysk boekje, der't san opskuor oet west hat. Yn dat boekje stie dat it foar in moslem in ear weze moast om homo 's fan in flatgebou ôf te smiten.

Want homoseksualiteit wie neffens party minsken ek in straf op de sunde.

Mar it kristendom is neat better. Der binne foarbylden by it soad.

Gelokkich hawwe wy de ôfroene hundert jier aardich us best dien om us te ûntfermjien oer de siiken. Mar it bliuwt in saak fan grutte oandacht, dat it ús kristenplicht is om foar de sikken te soarchjen.

Dit is it earste.

En no it twadde dat ik noch sizze wol. En dit is in dreeger ferhaal.

As Jezus him ûntfermet oar de sikken, dan is it grutte tema derbei altyd: De ferjowing fan sûnden.

Hast altyd neamt Jezus dit: Dyn sûnde is dy ferjoen.

Mar wat betsjut dit? Werom is dit it grutte tema? Werom makket Jezus net fan de sikkte it grutste tema? En wat betsjut it foar ús, it ferjaan fan de sûnde? Wat betsjut dat foar ús no't wy aanst de fiertigdagen wer yngeane?

Der binne mar twa plakken yn de bibel wer't it giet oer in iepen dak. Dat is hjir yn Markus 2 n dat is bij Noach dy't it dak fan de ark iependocht, en sjocht dat de ierde droeg is.

En dat hele ferhaal fan Noach dat giet ommers ek oer de sûndeferjowing!

Dat God de grutte floed taliet op ierde, dat wy om't Hy spiit hy dat Hy de minsken makke hie, want de minsken keazen foar it kweade.

En no wer my it iepen dak en de ferlamde man. No wer giet it oer de ferjowing fan sûnde.

Wat is hjir it boadskip?

It boadskip is neffens my, dat de trochbraak fan nGods leafde yn dizze wrâld foaral ten doel hat, dat wy befrijd wurde fan sûnde. Mar wat is dan sûnde? Sûnde is net, dat wy sa no en dan ferkearde keuzes meitsje, sûnde is net dat wy wolris de fout yngeane. Nee, sûnde yn de bibelske sin is dat wy net iepenstean foar God. De grutste sûnde seit Jezus dat is de sûnde fan it ûngeloaf!

En der wol God ús fan befrije. En derom is Jezus kommen. En derom is de Geast yn ús fermidden.

Siikte is gjin straf op de sûnde. In slim ûngemak is gjin straf op de sûnde. Siikte is der gewoan. En stamme dingen barre gewoan.

Want wat tinke wy: Jezus makket ien minske better. Betsjut dat dan dat dy iene minske dernei nea wer siik wurde sil? Wis net.

De grutte revolusje fan de komst fan Kristus is dat Hy ús leart wat ûntferming is, en de grutte revolusje is dat God ús befrije wol fan sûnde,

sadat wy de hannen frij hawwe foar de wurken fan Barmhertigens, sa't Jezus ús foardocht.

God wol it minskdom geneze, sadat wy yn syn paad gean kinne. God wol ús út de ferlamming sleepe om syn wil te dwaan, alle dagen.

Ik hoopje dat dit efangeelje foar ús in goede opmaat is foar de fiertig dagen.

Lit dyn ûntferming útgean nei wa't dat needich hat.

En wês yn dyn siel fol fan lieuwen en fertrouwen.

En lit dit ús fêste groen wêze: Dat Gods leafde trochbrutsen is en it finster nei God altyd iepen.

Bliid boadskip foar ús allegeare!

AMEN